

Bypraterke wintermoanne 2021

Oan de leden fan it Genealogysk wurkferbân fan de F.A.,

Twellegea, 20 desimber 2021.

Rju achte leden,

Wy wolle jimme graach efkes byprate oer in pear saken.

1. It bestjoer wie oant ferline wike fan doel de gearkomste fan 8 jannewaris 2022 mei de foardracht fan André Buwalda oer de Aysma's troch te setten. De nije beskoatteling(lockdown) hat dit foarnimmen ûnderút helle. Mei oare wurden de gearkomste fan 8 jannewaris giet net troch.
2. De earstfoljende gearkomste stiet plend op sneontemiddei 29 jannewaris 2022 mei in ferhaal fan Piet Nieuwland oer de famylje Kal(f)sbeek. Mids jannewaris folget berjocht oft dat wol of net trochgiet.
3. Neffens plan (in jier nei ferskinen) komt it Genealogysk Jierboek 2020 ynkoarten beskikber op de thússide fan de Fryske Akademy. <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genjierboek/>. It jierboek 2021 komt op dize wize dus digitaal beskikber yn desimber 2022-jannewaris 2023. It jierboek 2022 komt yn novimber 2022 daliks digitaal en printe beskikber.
4. De Fryske Akademy en de AFUK wolle graach in yndikaasje ha hoe't de belangstelling is foar in digitaal of printe jierboek 2022. As jimme noch net reagearre ha op de oprop út de foarige nijsbrief, graach foar de Krystdagen in mail nei akaspers@fryske-akademy.nl.
5. Yn in taheakke fine jimme it temaboekje mei in boarne-oersjoch fan de Genealogyske Kontaktdei **Vervoer over water: de binnenvaart, de schippers, hun schepen, hun familiegeschiedenis en de sociale omstandigheden**. Miskien wat om nochris wat nei te sykjen. It boekje waard ús tastjoerd troch Johan Steendam fan Tresoar.
6. En ta beslút winsket it bestjoer jimme noflike Krystdagen en in lokkich nijjier ta.

It bestjoer fan it GWF